




Rijksoverheid

# Koroana yn Nederlân

Hoe giet Nederlân om mei it koroanafirus?



## Advizen koroana

De oerheid advisearret it neifolgjende:

- Waskje faak de hannen. Hoastje en prúst yn de earmtakke.
- 1,5 meter is in feilige ôfstân om ynfeksje foar te kommen. Fústkje net.
- Soargje foar foldwaande frisse lucht yn de romte dêr't jo binne.
- Ha jo klachten as ferkâldheid, pinekiel, hoastje of koarts? Bliu binnen en doch in selstest, ek as jo de koroanaprik hân ha.
- Op drokke plakken kinne jo in mûlkapke drage om josels en oaren te beskermjen.

Ha jo fragen dy't spesifyk op jo (medyske) situaasje fan tapassing binne? Besprek dy dan mei in (hús)dokter.



## Helje de koroanaprik

It is belangryk om te witten dat it koroanafirus ek yn Nederlân noch net fuort is. Noch hieltyd wurde minsken siik troch it firus. Koroana is hiel besmetlik. Helje dêrom jo koroanaprik(ken) as jo noch net (of net folslein) faksinearre binne. Ek as jo fierder hielendal sûn binne.

Elkenien fan 5 jier ôf kin him faksinearje litte tsjin koroana, ek minsken út oare lannen, lykas flechtlingen, ynternasjonale wurknimmers en arbeidsmigranten. As jo yn Nederlân wenje en ynskreaun stean yn de Basisregistratie Personen (BRP) of as jo net yn Nederlân wenje, mar hjir wol langer as in moanne ferbliuwe, kinne jo fergees in faksinaasje tsjin koroana krije. De prik helje kin ek as jo (noch) gjin BSN of ID-nûmer hawwe.

### *Beskerme jo sels en jo famylje*

Yn Nederlân hat hast 90% fan de minsken de prik tsjin koroana helle. In prik tsjin koroana beskermet jo sels, en úteinlik ek jo famylje en oare minsken dêr't jo mei yn kontakt komme. Nei de prik ha jo minder kâns om slim siik te wurden of yn it sikehûs te kommen troch koroana. Wat mear minsken de prik nimme, wat lestiger it koroanafirus him ferspriede kin.

Yn Nederlân krije minsken de basissearje (meastal twa prikken) en dêrnei in boosterprik (tenei werhelprik neamd) trije moannen nei de lêste prik of nei in koroanabesmetting.

De werhelprik is bedoeld om de beskerming tsjin koroana heech te hâlden. Om te soargjen foar in bettere en lange beskerming kin elkenien fan 12 jier ôf fan heal septimber 2022 ôf (op 'e nij) in werhelprik tsjin koroana helje. Ek as jo al koroana hân ha, is it ferstannich om in prik te heljen.

### *Hoe helje jo de koroanaprik?*

Jo kinne yn Nederlân fergees, mei of sûnder ôfspraak jo koroanaprik(ken) helje op in GGD-priklokaasje. Ek as jo út in oar lân komme.

- Sûnder ôfspraak: sjoch op [www.prikkenzonderafspraak.nl](http://www.prikkenzonderafspraak.nl) foar in lokaasje by jo yn de buert. Dizze webside is oerset yn 13 talen.
- Telefoanysk: op 0800 7070 (ek yn it Ingelsk). De beskikbare tolken kinne jo helpe mei it meitsjen fan jo ôfspraak.
- Online: op [www.coronavaccinatie-afspraak.nl](http://www.coronavaccinatie-afspraak.nl).

### *Hoe wurket in faksin?*

De faksins soargje derfoar dat jo lichem antystoffen oanmakket tsjin it firus. Komme jo dêrnei yn oanrekking mei it koroanafirus? Dan binne jo troch dy antystoffen goed beskerme. Sa is de kâns lyts dat jo slim siik wurde fan it firus.

### *Bywurkingen*

It kin wêze dat jo nei de prik lichte klachten krije. Dat is gewoan nei in prik. De bywurkingen, lykas pine op it plak fan de prik, pineholle, wurgens, spierpine of koarts duorje meastal 1 oant 3 dagen. Jo kinne parasetamol nimme tsjin de klachten. De kâns op slimme bywurkingen fan de prik is hiel lyts. Ha jo fragen of meitsje jo jo soargen? Belje dan mei in (hús)dokter.

### *Goed om te witten*

- Yn Nederlân is it heljen fan in koroanaprik altyd fergees.
- Jo kieze sels oft jo de koroanaprik helje of net.
- Jo kinne ek de prik helje as jo (noch) gjin BSN of ID-nûmer hawwe.
- Jo gegevens wurde noait sûnder jo tastimming mei oaren dield.
- Yn Nederlân prikke we by foarkar mei in mRNA-faksin (BioNTech/Pfizer of Moderna).
- As alternatyf wurdt ek it Janssen- of Novavax-faksin oanbean.
- As jo in koroanaprik helje, moatte jo in súnensferklearring ynfolje. Dy is yn meardere talen beskikber by de GGD.
- Krije jo in berntsje? Ek dan kinne jo de koroanaprik feilich nimme. De prik is net skealik foar jo of it berntsje yn de búk. Sterker noch: dokters riede jo oan de prik te heljen. Neffens ûndersyk ha jo in grutter risiko om slim siik te wurden as jo koroana krije yn jo swangerskip.
- Wachtsje mei it plannen fan in prik of ferset jo ôfspraak as jo siik binne of koarts hawwe op de dei dat jo de prik krije.

Mear ynformaasje oer de koroanaprik yn it Ingelsk:

[www.government.nl/topics/coronavirus-covid-19/dutch-vaccination-programme](https://www.government.nl/topics/coronavirus-covid-19/dutch-vaccination-programme)



## Teste op koroana

Bliuw binnen as jo klachten hawwe dy't passe by koroana, lykas ferkâldheid, in dripnoas, prúste, hoastje, pinekiel, benaudheid of koarts, en doch in selstest. Dat helpt tsjin de fersprieding fan it firus. In selstest kinne jo keapje by in drogist, apoteek of in supermerk. Soms diele gemeenten de selstesten fergees út.

### Testútslach

As jo posityf teste op it koroanafirus: bliuw op syn minst fiif dagen binnen en mij safolle mooglik kontakt mei oare minsken, ek as se faksinearre binne. Jo meie nei fiif dagen wer nei bûten as jo 24 oeren gjin klachten mear hawwe. Gean de klachten net oer, dan meie jo 10 dagen nei't jo klachten begûnen wer nei bûten. Dan binne jo nammentlik net mear besmetlik. Lit oan de minsken dy't jo de ôfrûne dagen sjoen ha, witte dat jo koroana hawwe. Dan kinne se teste of se ek besmet binne mei it koroanafirus.

Mear ynformaasje oer teste en wat jo dwaan kinne nei in positive selstest yn it Ingelsk: [www.government.nl/topics/c/coronavirus-covid-19/coronavirus-test](https://www.government.nl/topics/c/coronavirus-covid-19/coronavirus-test).

Is de útslach fan jo selstest negatyf, dan meie jo wer nei bûten. Hâlde jo (mylde) klachten? Doch dan de oare dei wer in selstest. It kin wêze dat jo dochs it koroanafirus hawwe, sels as de útslach negatyf is.



## Ha jo fragen oer koroana?

- [www.coronavaccinatie.nl](https://www.coronavaccinatie.nl) (yn it Nederlânsk)
- [www.mijnvraagovercorona.nl](https://www.mijnvraagovercorona.nl)
- [www.government.nl/topics/coronavirus-covid-19](https://www.government.nl/topics/coronavirus-covid-19) (yn it Ingelsk)
- [www.pharos.nl/coronavirus](https://www.pharos.nl/coronavirus) (yn ferskillende talen)
- [corona.steffie.nl](https://corona.steffie.nl) (yn ferskillende talen)
- [www.refugeehelp.com/get-help/category/health-care](https://www.refugeehelp.com/get-help/category/health-care) (yn it Ingelsk, Oekraynsk en Russysk).